



INTERFRIESISCHER RAT  
YNTERFRYSKE RIE

## Friesen-droapen Hilgelân

**Jo binne/do bist fan herten wolkom om mei te gean nei dit trijejierrlikse Friesen-droapen op Hilgelân. Belangstelling? Oanmelde by de Fryske Rie oant op syn lêst 14 maart 2019, fia e-mailadres [saapke\\_miedema@hotmail.com](mailto:saapke_miedema@hotmail.com)**

De kosten fariearje fan € 90 oant € 300 à € 350 de man. Dat is foar bus, boat, de measte programmaûnderdielen en bbq. De fariabele kosten sitte yn wat der noch mooglik is wat de oernachting(s) oanbelanget. It middeisiten en it jûnsiten op sneontejûn is foar eigen rekken.

Ynformearje nei de mooglikheden!



## Programma 20<sup>ste</sup> Friesen-droapen Hilgelân 2019

**Freed 24 oant en mei snein 26 maaie 2019**

Tema: de Fryske kening Redbad

De Fryske kening Redbad (stoarn yn 719) is grif ien fan de meast bekende histoaryske figueren út 'e iere Midsiuwen (5de oant en mei de 10de iuw). Oer syn berte is net folle bekend. Wierskynlik wie er de soan en opfolger fan de Fryske kening Aldgisil (stoarn om it jier 680 hinne). Redbad wie fan hege komôf en in grut oanfierder yn 'Frisia', it grutte Fryslân fan dy dagen, lykweardich oan Frankyske machthawwers lykas Pippyn II en syn soan Karel Martel. Redbad wie bestjoerder fan wichtige stêden lykas Trajectum (no: Utert) en Doarestêd (no: Wijk by Duurstede) en grutte gebieten boppe de Ryn oant Fostelân (ek: 'Forsiteland'), it hjoeddeistige Dútske eilân Hilgelân ('Helgoland'). Hy wie de moedige oanfierder fan it Fryske folk dat him mei alle macht fersette tsjin de ekspânsjedrift fan de Franken yn it suden.

## Freed 24 maaie

Westerlauwerske Friezen geane moarns betiid mei de bus – of eigen ferfier – fan Ljouwert nei Cuxhaven. Opstapplakken Ljouwert, Drachten en Grins.

Westerlauwerske Friezen en East-Friezen:

10.15 Mei fearboat fan Cuxhaven.

13.00 Oankomst op Hilgelân.

Elts siket syn/har oernachtingsakkommodaasje.

\* NB By wurkwinkels sneontemoarns: wa't sneons (of evt. sneins) de boattocht mei in orizjinele *Helgoländer Börteboot* meimeitsje wol, moat him/har fuort nei oankomst fan de boat opjaan by *Helgoland Touristik* by it gemeentehûs (Rathaus) oan de Lung Wai. (± 60 min., foar eigen rekken € 18 p.p., bern oant 14 jier € 15 p.p.). Start om 10.00 oere en 13.30 oere by de *Lesehalle* oan de Nord-Osthaven.

14.30 Offisjele ôftraap fan it 20<sup>ste</sup> Friesen-droapen op it Rathausplatz (plein) by it gemeentehûs, adres: Lung Wai.

Sprekkers:

Jörg Singer, boargemaster fan Hilgelân;

Pytsje de graaf, foarsitter fan de Ynterfryske Rie;

Aant Jelle Soepboer, fan de organisaasje fan it 20<sup>ste</sup> Friesen-droapen: hy nimt it programma mei de oanwêzigen troch.

Ta beslút: flagge(n) hise, folkslieten sjonge en proaste op goede dagen fan ferbining.

15.00–16.30 Bestjoersleden fan de Ynterfryske Rie hâlde har jiergearkomste yn it gemeentehûs oan de Lung Wai (besletten).

Dielnimmers oan it midsiuwske *Ynterfryske Kampemint* sette it kamp op oan de râne fan it sportfjild (oan de Klippenrandweg).

Oare besikers hawwe tiid om it eilân te ûntdekkjen.

17:00–19:00 Musical *Et Huuwen-Hüüschen* yn de Nordseehalle oan de Kurpromenade 8. In musical yn it Noard-Frysk fan Damaris Krebs en Gary Funck, mei Dútske ûndertitels. Yntree: € 10,00.

19.15 - Jûnsmiel foar alle dielnimmers: BBQ by it kamp by de *Sportplatz*.  
Kosten € 10 p.p.

21.30 It *Voluspa-projekt*, in gearwurking tusken aktrise Eke Born, muzikant Rutger Dijkstra en Willem Schoorstra.

De *Voluspa* ('Völuspá') of 'De profesije fan de sjenneres', is it iepeningsliet fan de Âlde of Poëtyske Edda. De Edda is in oantsjutting foar in samling goade- en heldelieten út it midsiuwske Yslân. It wichtichste dêrfan is de *Voluspa*. Dêryn ferhellet in sjenneres, de Volva [ek: Völva], de hiele skiednis fan de wrâld, fan de skepping oant Ragnarök (ek: Ragnarök), de ûndergong fan de machten.

*Frisia non Cantat* en *Baldrs Draumar* spylje (akûstysk).

Opm.: by min waar is alles yn 'e Nordseehalle.

24.00 Brânsteapel op it strân wurdt oanstutsen

## Sneon 25 maaie

11.00 oere: Wurkwinkels, kar-út:

1) Folksdûnsjen ûnder lieding fan de Ljouwerter Skotsploech.

Adres: by de James-Krüss-Schule, Schulweg 649.

By min waar yn de aula fan de skoalle.

2) Resepsje/Rezeption Hotel Rickmers Insulaner, adres: Am Südstrand 2

a. rinnend oer it eilân fertelt Willem Schoorstra ferhalen (Frysk).

b. "Helgoländer Historie" (Dútsk).

Während der ca. einstündigen Führung werden Ihnen die Geschichte und die Geschichten von Helgoland vom Friesenkönig Radbod bis in die Gegenwart näher gebracht.

- 3) Mei Michaël Janßen, der "Dünenchef", nei Düne: hy fertelt oer de planten, bysûndere stiennen, fûgels en seehûnen! Adres: Landungsbrücke.
  - 4) Wurkje oan it *Ynterfryske Liet* û.l.f. Baldrs Draumar.  
Nordseehalle, Kurpromenade 8.
  - 5) Dokumintêre (20 min.) Tuhuupeluupe draait kontinu yn de Kino yn de Nordseehalle, Kurpromenade 8.
- \*NB 10.00 oere: Boattocht mei in orizjinele *Helgoländer Börteboot*. Opsjoneel. Foar eigen rekken.

Middeisiten op eigen gelegenheid en foar eigen rekken.

- 14.00 Sportmiddei (sporten út de Fryslannen). Lokaasje: Sportplatz  
De Noard-Friezen fersoargje in Boselveranstaltung, de East-Friezen komme mei in sport en de Westerlauwerske Friezen slute ôf mei in toulûkwedstriid.
- 17.00 Fotomomint op it sportfjild, mei op de eftergrûn de Hilgelanner rotsen.

Jûnsiten: op eigen gelegenheid en foar eigen rekken (advys: op 'e tiid reservearje).

- 20.00 Jûnsprogramma yn de Nordseehalle, seremoanjemaster Aant Jelle Soepboer
- 1e Presintaasje troch de groep fan de wurkwinkel 4: in nij *Ynterfrysk liet*
  - 2e Optreden *Wotsatia*
  - 3e Optreden *Baldrs Draumar*

### Snein 26 maaie

- 10.00 Tsjerketsjinst, mei û.o. meiwurking fan Gerald Drebes, Kantor (Kirchenmusiker) der ev.-luth. Kirche Helgoland.  
Adres: St. Nikolai-Kirche oan de Kirchstraße.
- 11.00/11.30 Optocht fan de Kirchstraße nei it gemeentehûs oan de Lung Wai.  
Demonstraasje folksdûnsjen troch de dielnimmers fan de wurkwinkel 1.  
En (parallel foar de leafhawwers):
- 11.00 'Kater'swimmen op Düne.

Elts soarget foar it eigen middeisiten. Dêrnei noch in lêste kuier oer it eilân, of noch efkes nei *Düne*, lêste ynkeapen dwaan en wer op 'e tiid by de boaten wêze.

Fearboaten retoer:

- 16.00 Büsum  
16.15 Cuxhaven

Tink derom: op de boat kin allinne mei ree jild betelle wurde (kontant/cash)!

